Op moandei-jonne 15 maart lêstlyn kamen de leden fan de Griff. tsjerke byinoar. De praeses iepene de gearkomst om healwei achten. De wurklist waard mei faasje ôfwurke. It die bliken, dat de bernetsjerke skoan foldie, hoewol't der eins gjin rûmte foar is. De tsjerke buorket finansieel sjoen tige goed. Alles rûn sa glêd fan'e trie, dat it om kertier oer achten al oan't rûnfregjen ta wie. Ien fan'e leden woe fan'e tsjerkeried hearre, oft it eins net better wêze soe om mar foar it IKV te betankjen. De praeses sei: de klasjes hie al protest hearre litten, mar de pleatslike tsjerke koe dat ek wol dwaan. Hy woe dêr fuortdaliks mar in foarstel fan meitsje. Ien fan'e leden like dat mar in nuvere gong fan saken om fan in deagewoane fraach samar in foarstel te meitsjen. Doe waard ornearre, de bydrage fan'e tsjerke koe wol ynhâlden wurde, alteast dat diel der fan, dat nei it IKV ta giet. Dat kaam del, sa berekkene ien fan'e oanwêzigen op in dûbeltsje de persoan



FOLKERT DE HAAN  
Tel. 05127 - 1414

de  
èchte  
griente-man!

Het voorjaar nadert, we hebben weer nieuwe

spinazie  
andijvie  
raapstelen  
rabarber  
komkommers  
radijs  
etc.

Ook gesneden groenten, alle dagen vers

10 zoete sinaasappels vol sap f 2,95  
5 dikke citroenen f 1,95

Wilt u een fruitmand bestellen  
dan 1414 maar bellen

yn't jier. (Dat skynt te heech te wêzen. Neffens it deiblêd Trouw fan 15 maart l.l. soe it mar trije sinten de man yn't jier wêze.) Mar, lei in oarenien dêr tsjin yn, dan soene wy itselde dwaan, wat guon mei de s.n. Kalkarheffing. Mar de ferliking fan dy twa, t.w. Kalkar en IKV, like nearne nei, neffens de praeses. De praeses ferlike it IKV doe mei in hûntsje, dat by minsken oanrint; sa'n hûntsje kin men op elk goadlik momint wer bûtendoar sette. In brike fergeliking, neamde ien fan'e leden dat: it hûntsje (IKV) is net samar oanrûn, nee, de tsjerken hawwe it hûntsje sels hikke. Der sieten ek sympathisanten fan it ICTO yn'e gearkomst, dy't har hearre lieten. (It ICTO is wol in oanrûn hûntsje, fansels). By eintsjebeslút like it de gearkomst mar better ta, dat de tsjerke mar sa folle mooglik bûten it politike farwetter bliuwe moat. Docht hja dat net, dan jout soks allinne mar kreauwerij en opskuor yn'e gemeente.

d.J.



# drukwerk

## familiedrukwerk?

*Bij ons heeft u een ruime  
keuze uit de meest  
originele  
GEBOORTE-  
VERLOVINGS-  
HUWELIJKSKAARTEN*

**DRUKKERIJ S.O.d. b.v.**

De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468

## HANDELSDRUKWERK

**Strooifolders  
Prijscouranten  
Circulaires  
Fakturen  
Briefpapier  
Kleurendrukwerk  
Etc.**

---

Voor Oudega e.o.: Bauke de Vries  
Buorren 39a Oudega  
Tel. 05127 - 2417

---



# Feestnummers in de splinternieuwe CAF winkel in Drachten



## Feestgedruis in álle CAF winkels

Deze aanbiedingen zijn geldig t/m 31 maart

Geen wonder, met zulke profijtelijke aanbiedingen komt u óók snel in de stemming. Het hout wordt voor u GRATIS door ons op de juiste maat gezaagd. Alweer 'n voorbeeld van „ouderwetse” CAF-winkel service!



### kunstmest


12-10-18 voor 'n groelzame tuin 5 kg slechts

**6.65**



Handgevlochten eende-korf het gezelligste "huisje" voor onze eenden nu

**14.65**



### broeibak

Kompleet met glas. Afm. 129 x 89 cm, grootste hoogte 84 cm.

Adviesprijs 235,-

**198.-**



### Kattenbak

van kunststof, gemakkelijk schoon te maken

geen 24,- nu **14.95**

### Workmate



Dé Ideale werkbank van 159,- nu

**135.-**




### ISEKI AC 2 hakfrees

Met sterke zuinige motor. Levert bijzonder goed werk.

Adviesprijs 1190,-

**995.-**




## grenen wandschroten

10 x 85 mm werkende breedte

1.19 nu per meter


**99** cent



### zweedse muilen

Van soepel zwart leer, met prima voetbed. Maat 36/46

Geen 35,- nu **25.-**




### vlecht scherm

van hardhout, geven vrijheid in uw tuin

Form. 180 x 180 cm

Geen 48.50 nu **37.50**



## Kwispel brokken

Een volledig hondenvoer, dus bijvoeding is overbodig

15 kg -39.95- tijdelijk

**29.95**

**CAF tuin/dier**

**zo vindt u ons**

CAF winkel

water toren

westelijke rondweg Drachten

Centrum Drachten

**speciaal winkels**

**en doe-het-zelf**

**DRACHTEN**  
de Bolder 75  
tegenover de watertoren

GEOPEND op alle werkdagen 8.30 tot 12.00 uur 's ochtend 12.00 tot 18.00 uur op zaterdag 8.30 tot 12.00 uur 's ochtend 12.00 tot 18.00 uur Ook geopend op de plaatselijk geldende koopavond

## IT WITTEN WURDICH

### RIEDSLIDFERSLACH

Troch in misbegryp wie it P.v.d.A.-stik net makke. It moat earst yn'e fraksje bepraat wurde oft se meidwaan sille. It C.D.A.-riedslid Bruinsma wie sa freonlik om binnen in pear oeren dit stikje by my ôf te jaan, noch krekt op'e tiid.

R.J.U.

### CDA-motie over plaatsing van kernwapens in de raad

Tot dusver hadden wij de goede gewoonte de landspolitiek buiten de gemeenteraad te houden. Gedachte was dat de gemeenteraad niet de speelplaats dient te zijn van de Tweede Kamer. Er zijn zaken die de rijksoverheid regelt, andere worden door de provincies gedaan en wat deze overheidsorganen in goed democratisch overleg tot stand brengen, moeten de gemeenten niet nog eens dunnetjes overdoen. Onze invloed op het landelijk en provinciaal gebeuren zal via onze politieke partij een effectievere werking ondervinden, daarvoor hebben wij voldoende vertrouwen in onze C.D.A.-afgevaardigden. Geen landspolitiek in onze gemeenteraad dus en toch motie van het C.D.A. en dan nog wel over plaatsing van kernwapens. Hoe zit dit nu? Daarvoor moeten wij terug naar de raadsvergadering van december 1981. Op de lijst van ingekomen stukken stond een brief van de gemeente Hellevoetsluis waarin B en W verzocht werd "kennis te nemen van en aandacht te schenken aan plaatsing van kernwapens". In de motie die de gemeente Hellevoetsluis ons toezond stond het volgende: "Plaatsing van (nieuwe) atoomwapens op het grondgebied van de gemeente zal ten allen tijde worden tegengegaan onder gebruikmaking van alle wettelijke beschikbare middelen". In de raadsvergadering van december 1981 kondigde de P.v.d.A.-

fraktie aan met een initiatief-voorstel te komen inzake de atoomwapens. Getracht werd, op initiatief van onze fraktie, tot een voor beide partijen aanvaardbaar voorstel te komen. Dit overleg is op niets uitgelopen, omdat het voorstel van de P.v.d.A., evenals dat van Hellevoetsluis, ervan uitgaat dat van plaatsing van die wapens in de gemeente geen sprake kan zijn. Achtergrond van die voorstellen is dat men éézijdige ontwapening voorstaat. Dit is gebleken uit de perspublicaties en uit de gevoerde discussies. Als iedere gemeente zich in deze termen zou uitspreken, dan zou er geen plaatsingsmogelijkheid zijn. Feitelijk is dit theorie. Immers de rijksoverheid kan een gebied gaan inbestemmen voor dat doel, rekening houdend met de plaatselijke omstandigheden zoals bevolkingsdichtheid enz. Men kan er vanuit gaan dat Smalingerland niet in aanmerking komt voor opslag van kernwapens. Het ging in de februari-raadsvergadering ook meer om een principiële zaak dan om een feitelijke zaak. Eenzijdige ontwapening zal bij ons alleen binnen N.A.V.O.verband kunnen. Binnen onze partij wordt daarover nog wel verschillend gedacht, maar in hoofdstuk 11 punt 10 van het C.D.A.-programma staat: "eventuele ook door Nederland te initiëren, éézijdige stappen van de N.A.V.O. worden niet uitgesloten". Voor onze fraktie waren twee mogelijkheden, òf tegen het initiatief-voorstel van de P.v.d.A. stemmen òf komen met een motie. Er is voor het laatste gekozen. Fraktieleider Boersma lichtte dit in de raad als volgt toe: "Om duidelijk aan te geven dat wij ons ernstig zorgen maken om de onheilspellende toenemende wapenwedloop, willen wij vanaf deze plaats uiting geven aan onze verontrusting over die ontwikkeling. Een tweede reden, om van het formele standpunt af te wijken is, dat wij meermalen benaderd zijn van uit de lokale samenleving om een duidelijke uitspraak te doen". In de motie spreekt onze fraktie haar ernstige verontrusting en bezorgdheid uit over de toenemende bewapeningswedloop en roept de regering op volharding en saamhorigheid te betonen bij haar poging en om in samen-



### VEEHOUDERS VAN OUDEGA EN OMSTREKEN

Laat ook dit voorjaar Uw werkzaamheden verrichten door:

### TOERING'S LOONBEDRIJF

o.a. voor meng-mest - verspreiden - walkant - kraanwerk - kuilsnijden - enz.  
Ook kunnen wij Uw grasland verbeteren, door het te ploegen, woelen, egaliseren,  
lely en hakfrezen, roteren en inzaaien

Wij zijn nu ZELF in het bezit van een DOORZAAIMACHINE

Onkruid bespuiten kunnen wij ook voor U verzorgen

U kunt bij ons ook terecht voor verschillende soorten graszaad, o.a. voor gazon en speelweide

Vraag vrijblijvend inlichtingen. Beleefd aanbevolen,

FA. TOERING  
TEL. 05127 - 1582

werking met andere landen te trachten de rol van de kernwapens wezenlijk terug te dringen. In deze motie wordt het huidige regeringsbeleid ondersteund. Een kritisch solidair beleid in N.A.V.O.-verband. Geen vrijblijvende motie dus, zoals wel wordt beweerd. Onze fractie stelde helaas vast dat de P.v.d.A.-fractie Smallingerland het beleid van haar geestverwante minister in dezen niet deelt.

R.J. Bruinsma  
gemeenteraadslid C.D.A.

### MOADESHOW seis april

Op tongersdei 6 april o.s., de jûns om healwei achten, wurdt der yn It Miensker in moadeskou hâlden ûnder auspysjes fan de Aldegeaster ôfdieling fan it Bûn fan Kr. Plattelânsfroulju. It Bergumer moadehûs Nagel sil dan de moade foar maitiid en simmer 1982 sjen litte. Nagel lit dan net allinne de nijste frouljusen berneklean sjen, mar ek klaaiing foar manlju. Der sil foar jong en âld en foar elke beurs wat te sjen en te keapjen wêze de jûns. It liket in noflikke en tagelyk learsume jûn te wurden. Om in mooglike misfetting te foaren te kommen: de modeskou is net allinne ornearre foar de leden fan boppeneamde Bûnsôfdieling, nee, de doar stiet dy jûns foar elkenien wiidwaach iepen. Wa't sin hat komt mar.

### EEN KLEIN STUKJE NATUUR BIJ OUDEGA

In ons dorp kun je gelukkig nog volop genieten van de natuur. En dan vooral op die plaatsen waar de natuur nog vrij haar gang kan gaan. Eén van die mooie plekjes ligt ten zuidoosten van de Oosterzanding. Ten zuiden van het gemaal. Een polderdijk met een strook buitendijks land, dat geleidelijk afdaalt naar het water. Ook door het verschil van hoogte kunnen we hier veel plantensoorten aantreffen. Op de dijk zelf zijn planten te vinden als: brede weegbree, smalle weegbree, veldzuring, schapezuring, paardebloem, witte klaver, blaartrekkende boterbloem, zilverschoon, hondedraf, heermoes, fluitekruid, zevenblad en herderstasje. Waar een wilgenbos groeit kunnen we nog de mooie, grote, witte bloemen waarnemen van de haagwinde en daar groeit ook het kleefkruid en het bitterzoet. Komen we op het lagere land naast de dijk, dan vinden we weer andere soorten planten: de koekeksbloem, pinksterbloem, penningkruid, speenkruid, perzikkruid en smeewortel en niet te vergeten de dotterbloem. Deze prachtige plant met haar goudgele bloemen is hier nog in grote pollen vertegenwoordigd. Als deze planten goed en wel uitgebloeid zijn, worden ze overwoekerd door planten die later bloeien. Zoals het mooie wilgenroosje en het harig wilgenroosje die vaak meer dan een meter hoog worden. Trouwens alle planten die hier later in het voorjaar groeien moeten wel hoog worden, omdat ze anders verstikt worden door riet en zeggen. Wilde bertram, poelruit en knoopkruid zijn hier minder algemeen. Een plant die hier wel veel voorkomt is de lekkerruikende moerasspirea, waarvan veredelde soorten ook in onze bloemperken te



#### Een complet voor elke vrouw

Uitgesproken jeugdig is deze japon met jasje-kombinatie. Dit model wordt steeds populairder en voor een betaalbare prijs. Keuze uit meerdere kleuren en dessins, de stof is van een vloeiende jersey polyester.

Maten: 40-42-44-46-48-50.

Sportief,

stijlvol en toch een verrassende prijs.

**99,-**

# NAGEL

Bergum, Schoolstraat 5

vinden zijn. Hier opvallende planten zijn de distel, kale jonker, engelwortel, valeriaan en leverkruid. Vooral op het leverkruid, dat nogal laat bloeit, kunnen we mooie vlindersoorten aantreffen, zoals de dagpauwoog, atalanta en de kleine vos. Tussen al deze



planten vinden we de vogelwikke, veldlathyrus en moeraslathyrus. Ze zijn voorzien van bladranken en maken zo dankbaar gebruik van andere planten. Dan nog iets over de planten in het aangrenzende water, dat met riet en lisdodde is afgezet. Waar het riet hier en daar een plaatsje overlaat tegen de walkant, zien we de mooie zwanebloem en het geurende kalmoes. Hier groeit ook de gele waterkers. Maar wel hele mooie, echt opvallende waterplanten zijn de waterlelie en de gele plomp, die nog wel groeien op plaatsen waar wel een meter water staat. Ook hier groeien fonteinkruid en pijlkruid. Zo zien we dat er in een klein gebied nog heel wat planten te bewonderen zijn. En dat zijn dan alleen de planten, want er is nog veel meer te zien. Waar zo'n weelderige plantengroei is, zullen ook vast veel vogels voorkomen. Ze kunnen hier overal geschikte nestplaatsen vinden. En als ze jongen hebben is er voedsel genoeg te vinden, ook door de vele insecten die op die bloemen en planten afkomen, maar daarover misschien later. Deze wandeling door het plantenrijk is gemaakt in samenwerking met L. de Jong. We zijn er ons van bewust dat er vast nog planten aan onze aandacht ontsnapt zijn.

G. Elzinga

## DE GRIENTETUN

De hear Iepema fan'e Skoallereed 6 bea ús in brosjure oan oer "biologisch tuinieren", dêr't de folgjende haadstikken yn foarkomme:

1. Waarom zonder gif
2. Grondbewerking
3. Bemesting
4. Kombinatieteelt
5. Wisselbouw
6. Kruiden
7. Voorbeeld groentetuin van 100 m<sup>2</sup>

Dizze hânlieding is foar f 2,50 by him te keap. Boppedat is er reeferdich om sa nedich advys te jaan.

R.J.U.

## SKIEDNIS

### DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

#### Stoelgang

Dokter Kaiser hie in pasjint ûndersocht, mar hie gjin wissigens oer de kwaal fan de man. De klachten wiene wat dizenich en lokalisearre yn it ûnderliif. Mar der lizze safolle organen yn't liif, dy't wat yn dusoarder ferkeare kinne. Dêroer mimerjend stie dokter Kaiser wat oer syn kin te striken en seach ûnderwilens de pasjint hifkjend oan.

"En . . . hoe gaat het met de stoelgang?" frege er lang om let.

"De . . . de stoelgang . . . ?" sei de man en skuorde grutte eagen op. Hy loek oan'e skouders en seach



**VEGE PLUS**  
**Gerrit Adema**  
**Buorren 17**  
**Tel. 05127-1371**

Stop met onnodig te veel betalen  
 Nu naar de **VEGE**

Vaste lage prijzen voor bekende merkartikelen  
 en vertrouwde **VEGE**-produkten

In onze Kenborch-slijterij vindt u  
 week in week uit aantrekkelijk voordeel

Aanbiedingen op binnen- en buitenlands gedistilleerd  
 onze Kenborch-kwaliteitsmerken zijn altijd laag geprijsd

Wasverzachter, 2 liter	f 2,29
Frische vlag halvamel 1/2 liter	f 1,59
Calvé pindakaas, grote pot	f 2,49
Supra koffie, 250 gram	f 3,69
Brinta, pak 500 gram	f 1,59
Komo, huisvuilzakken	f 3,95
Martini rood, wit, rosé	f 5,45

*By libben en wolwêzen, sei it âldminske,  
 kom ik yn't grêf fan ús mem*

ferstuivere om him hinne.

"De stoelgang? Hoe . . . hoe bedoelt dokter?" stammere er.

"Ja, de stoelgang, de schijt! Hoe gaat het daarmee?"

"O, bedoelt dokter dat. No ja, wol goed, hear. Gewoan, sil ik mar sizze."

"Nou, dinsdag ben ik weer in Oudega, en dan moet ik de schijt hebben."

"Ja mar, hoe moet dat dan dokter. As ik nei't húske gean en't wiif en de bern ek, hoe moet it dan?"

"Jullie hebben toch zeker wel een pot? Doe het daar dan in," sei Kaiser wat koartôf, draaide him om en gong fuort.

"Goed dokter. It komt yn oarder, hear." rôp de pasjint him efternei.

Dyselde freedtejûns siet de man al op de pôte te stinnen. De oare deis kaam der wer in protsje

# Maak eens een proefrit

## met het origineel.




De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe autogeneratie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza.



FOR IN 4 DEURS



FOR IN 2 DEURS

Het origineel. De meest uitgebalanceerde middenklasser met voorwiel-aandrijving.

De kracht van een sprinter. Zuinig. Maximaal rendement uit normale (!) benzine. Aerodynamische styling.

Maximale interieurruimte. Zo wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.

De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruitstrevend. Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 1.6 en 1.8 liter motoren. Nu bij ons. Klaar voor de eindtest: uw proefrit. Prijs incl. BTW. of Lisse.

vanaf 17.995,-



Datsun van Nissan.



**autobedrijf  
drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1  
DRACHTEN  
Tel. 05120-12100  
Na 18.00 uur  
Tel. 05120-14967-18575**

by en de sneins en de moandeis ek en doe wie de pôt ek al moai aardichjes fol.

De tiisdeis wie Kaiser der wer. Hy frege fuortdaliks nei "de schijt".

De man waard wei yn't efterhûs en kaam der efkes letter suver wat triomfantlik wer yn mei maaikemuoi yn'e hannen.

"Nou, nou," skodholle Kaiser, doe't er it pôtfol seach, "zoveel hoef ik nou ook weer niet."

En dan lytse Remkes, Remkes Kooistra. In moai protte fan de âldere Aldegeasters hat him grif noch wol kend. In keapmantsje, altyd ûnder de mjitte bleaun, mar yn'e hannel net. As jongfeintsje hat er in jiermennich op De Wâl wenne yn in keammerke, dat er hierde fan Sibe Styn. Dêr krige er wat ferkearing mei syn buorfamke lebeltsje Schuurmans, dy't letter syn wiif waard.

Dokter Kaiser hat in kear by harren west te popheljen. Hja wennen doe op'e Utein en it sil wol de earste kear west ha dat Kaiser by Remkes-en-dy oer de flier kaam, want hy wie hielendal net mei de húslke ferhâldingen op'e hichte.

Remkes en Klaas, dat wie Remkes syn heit, sieten tegearre yn'e keamer; lebeltsje lei yn't bedstead. Doe't it dan safier wie, dat Kaiser yngripe moast, sei dy tsjin Klaas; "Och, stuur die jongen eerst even de kamer uit."

Doe spatten Remkes syn eagen fjoer en hy stammere: "Wat! Ikke? Moat ik der út? Ikke? De baas fan't spul hjirre, moat dy der út?"

d.J.

Neiskrift

Yn'e Doarpsomropper fan jannewaris haw ik de dokter hieltiten Keizer neamd. Dat komt, ik hie de namme fan hearren en sizzen krige en dan kin soks barre. Sonttiid haw ik dokter syn namme ek op skrift sjoen en it die bliken, dat it Kaiser wêze moat.

d.J.


## MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

### Aldegeaster fannen fan 1812

De measte lêzers fan de Doarpsomropper sille noch wol witte fan har skoaltiid, dat ús lân in Frânse tiid kend hat. Fan 1795-1813 sloegen de Frânsen hjir foar master op. Benammen de lêste jierren (1810-1813) wiene swier; doe stie ús lân ûnder rjochtstreeks bewâld fan keizer Napoleon Bonaparte. Napoleon moast jild en soldaten brûke foar syn oarloffen. De tizeboel yn'e nammen hjirre wie him in grouwel. Der wiene doe te uzes mar in stikmennich minsken, dy't in fan hiene. De measten waarden beneamd mei help fan s.n. patronymica (nammen fan de heiten), lykas Teade Harmens (soan), Jan Rinses, Eke Piters (dochter), Janke Wobbes. In tizeboel wie it, f'ral omdat guon nammen sa'n protte brûkt waarden. Napoleon hie syn nocht dêr fan. Op 18 augustus 1811 joech er oarder dat de minsken in fan kieze moasten. De Aldegeasters moasten yn't lêst fan maart 1812 foar in amtner ferskine om har nijkeazen fan ynskriuwe te litten. Wa't al in fan hie (sokken wiene der net folle) moast likegoed by de amtner komme om fêst te lizzen, dat er dy hâlde woe. As de amtner de akte ree hie, dan moast de "comparant" noch de hân der ûnder sette. Koed er dat net, dan moast er der in krúske ûnder tekenje. De amtner skreau der dan by, dat de oanbelangjende persoan sels it krúske tekene hie. "Dit merk heeft . . . . zelf gezet.", stiet der dan. As hjirûnder by in namme (analf.) stiet, dan ha wy te krijen mei in persoan, dy't net skriuwe koe. De heiten joegen de nammen oan, dy gou dan ek foar syn bern (ek al wiene dy mûnich) en bernsbern. Widowen keazen sels in fan. It kaam wolris foar, dat broers in folslein ûngelikense fan keazen. Hjirûnder stiet it foarste poarsje fan de Aldegeaster fannen út 1812.

Patronymica	Fannen	Bern	Bernsbern	
Gjalt Folkerts	de Jong	Folkert (41) Aalzen (39) Baukjen (34, Suwâld) Neeltje (32) Tjitske (25, Sumar)	Gjalt (19) Berent (16) Harmen (12) Aalze (11) Albert (8) Fedde (7) Fettje (4) Baukjen (3)  Sibbeltje (7) Bauke (6) Sjoukjen (3) Gjalt (1)  Klaas (12) Gjalt (9) Teetske (5) Folkert (-1)  Antje (10) Sibbeltje (7) Gjalt (3)	bern fan Folkert  bern fan Aalzen  bern fan Baukjen  bern fan Neeltje
Iebele Minzes	Post	Bregtje (24) Grietje (17, Ljouwert) Tryntje (15) Minsjen (9)		
Wiemer Hottums	Hoekstra	Frytzen (26) Antje (22) Froukjen (19) Linze (17) Aafke (14) Hattum (12)	Jitske (5) Mindert (2)	bern fan Frytzen
Haring Harrits	van der Meer	Baukjen (15) Hoite (11) Harrit (8) Popke (5)		
Roel Jans (analf.)	Kooistra	Jan (14) Johannes (12) Durk (10) Sierk (7) Anne (4) Janke (1)		
Roel Wiegers (analf.)	Westra			
Bartele Kornelis	Kooistra	Kornelis (8) Bettje (5) Feike (2)		
Rein Pieters Theunissen	Theunissen	Geert (11) Pieter (7) Dettje (3) Renze (-1)		
Gauke Jans	Jansma	Jan (16 wike)		
Jakob Theunis	de Haan	Sjoukjen (13) Sietske (9) Theunis (6) Hiltje (4)		
Harmen Theunis	Veenstra	Theunis (12) Tryntje (4) Jan (2)		

Disse Harmen Theunis Veenstra jout, âs fâd, foar Tryntje (20), dochter fan Wiebe Aukes silger, de namme Westra oan.



Sa seach it der yn 1918 noch út oan'e súdkant fan ús doarp. Dêr lei doe in moai, mar ûndjip marke, it Aldegeaster Sân. Ids Wiersma (1878-1965), de Fryske skilder, etser, tekender, hat it foar ús fêst lein. Sa kinne wy no sjen wat wy misse. De pream fart yn it soal. Bûten dat soal koene de skippers better mar net komme, want de kâns om fêst te reitsjen wie dan tige grut. Doe't Wiersma dêr siet te sketsen, dat sil om 1910 hinne west ha, foer de pream him foarby mei dêryn de bruorren Kobus en Jehannes de Vries. Wa't dit moaie plaatsje sjocht sil wolris tinke: spitich, dat it moaie marke droech makke is.



FAN ALLES WAT

OPLOSSING PUZZEL JANUARI 1982

Horizontaal:

1. Ottawa, 5. har, 7. b.r., 8. der, 11. reeds, 12. t.t.,  
14. gal, 16. emoe, 17. sier, 19. t.a., 20. Aken, 21.  
stelen, 23. a.e., 24. del, 25. kaas, 26. mier, 28. el,  
29. Lea, 30. temet, 33. serre, 35. vet, 36. na, 37.  
Kiev, 38. eren, 40. kas, 41. ra, 42. perron, 44. node,  
45. d.m., 47. lire, 48. Loki, 49. leb, 51. so, 52.  
citer, 53. tam, 55. o.o., 57. lat, 58. Maffia.

Vertikaal:

1. orde, 2. t.b., 3. artiest, 4. ad, 5. hemel, 6. aeon,  
9. eg, 10. rat, 11. rekel, 13. tel, 15. laar, 17. sta,  
18. remmen, 20. adem, 21. Saar, 22. niet, 25. kervel,  
27. et, 29. leep, 31. even, 32. base, 33. si, 34. eerroof,  
36. nadir, 37. kaal, 39. roe, 40. koket, 43. ris, 44.  
nota, 46. met, 48. lila, 50. ba, 54. mm, 56. of.

De vorige puzzel was niet helemaal goed:

1 paard kost	f 10,00 (i.p.v. f 15,00)
1 varken kost	f 1,00
1 kip kost	f 0,25

De oplossing staat achter in.

\* \* \* \* \*

TE KOOP GEVRAAGD

Woning(kje) in Oudega. Te huur of te koop.  
S. de Vries, 't West 25, tel. 2426.



Tel. 05120 - 20392  
Hoek centrum/Noorderpromenade  
2 - 4

*goed freed*

*wy binne wol wat wend  
der is wol slimmer tinke wy  
as ien dei oan it krús*

*wy stjerre deis tûzen deaden  
foar de tv  
genedich rimpen deaden  
einleas útrutsen deaden  
mei de modernste middels  
ta ús beskikking  
in krús wie in rûge  
en omslachtige metoade*

*ús deaden stjerre  
foar it each fan de camera  
goed freed  
goede god  
wy binne wol wat wend*

*tiny mulder, wite swan swarte swan*

# ROCKPORT SCHOENEN

PUUR NATUUR



**Lampers  
schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum · Telefoon 05116-1508



# BOUWBEDRIJF

## D.H. DE JONG

west 22 oudega (sm) tel. 05127 - 1204

uw adres voor

NIEUWBOUW

VERBOUW

ONDERHOUD

### TA TREAST

Koartlyn wie Frou Kiers op'e Wear drok oan't himmeljen west en tocht: "Kom, ik jou my eefkes del". Se wie aardich yn'e sûs en hearde yn't earsten it ferheftige bûnzjen op'e doar net. Doe't se der hinne gong wie it de buerman dy't ferheard rôp dat der by har dikke swarte walmen út'e skoarstien kamen. Ik tink dat alle froulju dy't wat langer yn'e koken omslaan dat akelige gefoel yn't liif kinne by de gedachte, dat se wat op't fjoer ferjitten hawwe. No, fan't fleis wie neat oars oer as swart ferbarnde resten. Se hat it doe noch wol eefkes goed drok hân. As aanst Kuipers de souder skildere hat binne de lêste spoaren fan dit ûngemak ek wer behimmele.

R.J.U.

### YN 'T SINTSJE

In bytsje oan'e lette kant, mar wol de moaite fan it fertellen wurdich is it ferhaaltsje oer Peter. Peter Jelsma fan'e Hegewarren is tsien jier âld en die mei mei in kleurwedstrijd fan'e S.R.V. Ein jannewaris krige hy de útslach dêrfan te hearren: hy hie fan hiel Fryslân de earste priis wûn! De freugde wie noch grutter doe't er hearde dat er in echte krosfyts wûn hie, mei fan dy lytse brede bânjen. Rekkenje derop dat hy dêr wiis mei is. Ek fan'e Doarpsromper lokwinske en folle wille dermei.

R.J.U.

## DRUKKERIJ

# s.o.d. b.v.

De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12488

Voor Oudega e.o.: **Bauke de Vries**  
Buorren 39a Oudega  
Tel. 05127 - 2417



Wij bieden u dicht bij huis:

- \* VAKKUNDIGE REPARATIE
- \* ZORGVULDIG ONDERHOUD
- \* WINTERSTALLING voor f 19,- p.m.<sup>2</sup> excl. b.t.w.
- \* HELLINGTARIEF van f 7,- p.m.<sup>2</sup> excl. b.t.w.
- \* EEN BP-STATION
- \* DOE-HET-ZELF GELEGENHEID

**Fa. WESTERDIJK en Zn.**

Jachtwerf Eernewoude

Princehof 3

Tel. 05117 - 9300 b.g.g. 9251

# doarpsomropperke



## IT FUGELKONSERT (2)

De oare moarns die Bouke om sân oere hinne ien sliepperich each iepen. Want der wie wat dat him wekker makke. Hy hearde: tik, tik, tik, tik, tik, tikjen op't sliepkeamersrút. Net samar wat tik, tik diskear, mar in lang tik, tik, tik, tik, tik. Bouke seach dy kant út, en dêre, op it finsterbank, stiene sân fûgels. Bouke syn freon, fiif oare fûgels, like lyts as hy en in grutte, grouwe, swarte roek.

"Moarn Bouke, hoe giet it mei dy?" frege de lytse fûgel.

"Dat wit ik echt noch net. Ik bin ommers noch mar krekt wekker," sei Bouke. "Mar hoe giet it eins mei dy?"

"O, in hiel stik better," sei de fûgel. "Mei ik dy Pipers Pipers efkes foarstelle?"

"Pipers Pipers?" sie Bouke.

"Ja, justerjûn haw ik der net om tocht om dy te fertellen, dat ik Piter hjit. En dit is myn sjongkoarke, myn Pipers."

"Moarn allegear, bliid dat jimme der binne," sei Bouke en alle fûgels makken freonlik in bûginkje.

"Sille wy no mar mei de foarstelling begjinne?" frege Piter.

"Sa't jim wolle," sei Bouke Brouwer.

No, jim ha noch nea in foarstelling sjoen lykas dy't de fûgels joegen dêr op Bouke Brouwer syn finsterbank. Se hiene prachtich heldere stimmen, allegear op'e roek nei, en se begûnen mei in ferske dat Piter spesiaal foar dizze gelegenheid makke hie. Dat gong sa:

Bouke Brouwer hat sa'n pine yn't liif

Spitich, Bouke hat pine yn't liif

Hy fielt him net goed en hy leit noch op bêd

Bouke Brouwer hat sa'n pine yn't liif

Mei in grap - krôk, krôk, krôk

En in mop - krôk, krôk, krôk

Litte wy - krôk, krôk, krôk

Him laitsje - krôk, krôk, krôk

Wy sjonge ús liet, hy ferjit de pine

Efkes noch, dan is er syn pine wer kwyt

Wat wille en muzyk, dat bringe wy

Bouke Brouwer hat gjin pine mear yn't liif

Jim begripe't al fansels, de lytse fûgels songen de wurden en de grouwe roek die de krôks.

Dernei diene se in dûnske meiinoar op ien poatsje, allegear, op'e roek nei. Dy besocht it wol, mar hy foel: bûnk! op syn poepertfearren. Dêr moast Bouke wol om laitsje, mar hy stoppe syn holle ûnder it kjessen, om mar gjin leven te meitsjen.

Mar dêr wie't noch net mei dien. Doe joegen se in hiel knappe gûchelshow mei earte, dy't se grif pikt hiene út'e pûltsjes yn'e tún. Hja gooiden se fan bekje nei bekje en balansearren der mei op'e sturtfearren. Dat wol sizze, allegear op'e roek nei, dy krige in earte sa foel tsjin syn snaffel oan, dat er dy net mear iependwaan koe. Dêr moast Bouke sa lûd om laitsje, dat er der triennen fan yn'e eagen krige. Hy lake sa lûd, dat de fûgels der fan útnaaiden en Bouke syn mem kaam der fan de keamer yn-stouwen.

"Wat is hjir te dwaan?" rôp se. Mar doe seach se him ris goed oan. "Sjochst der folle better út,"



Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod  
yn Aldegea

Waarme Bakker  
J. J E L S M A

Boarnburgum

Tillefoan 05126 - 1215

sei se.

“Ik bin ek folle better,” sei Bouke. En doe’t dokter Hiddema letter op’e moarn by him kaam sei dy ek, dat Bouke der stikken better útseach en dat it medisyn him tige goed hie.


Ik leau, dat it ek wol in bytsje wier wie, omdat it drankje Piter de fûgel ek sa hurd better makke hie.

Mar ik leau net, dat Bouke sa gau wer better wurden wie as er de merakels moaie foarstelling fan Pipers dy moarns op it finsterbank net sjoen hie. Tinkt jim ek net?

En dat lit ús sjen, dat it in goed ding is om lid te wêzen fan in knypeachklup, net wier.

### IT FORKEARSLJOCHTSJE

Dit forkearsspultsje spilest mei in dobbelstien en in knoop. Kleurje earst de ljochtjes dy brâne yn’e goeie kleur. As it ljocht grien is, meist nochris goaie. By oranje en read moast ien beurt oerslaan. Wa is it earst by de greate auto?



## SOSIALE WURKLIST

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.

Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.

De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.

De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags

bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur

19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur

19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### O P E N I N G S T I J D E N :

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagsmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur

13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle

werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 -

1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 -

1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig

lid kunnen worden?

---

### DATABANK

Nijere informaasje by "ferieningsnijs"

6 april Moadeshow fan'e C.P.B. troch moade-hûs Nagel, om 19.30 oere yn it Miensker. Ek gasten binne wolkom.

foar 10 april

namme fan'e nije strjitte ynleverje:

Doarpsbelang, Achterwei 5

16 april Tenielútfiering mei dûnsje nei, fan'e Wettersport en Fûgelwacht. Om 20.00 oere yn it Miensker dêr't ek gasten wolkom binne.

### WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan't sneintejûn 24.00 oere.

4 april	C. v. Staveren Rondeel 56	Aldegea 05127-1262
Peaske	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117-1264
fan freed 17.00 oere oan't moandei 24.00 oere.		
18 april	S. Vriesinga Torenlaan 17	Eastermar 05129-221
25 april	J.S. Meyboom Kommisjeweï 120	De Pein 05127-1261

### Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

4 april	9.30 oere 13.45 oere	H.J. Nolles A. Klein, Earnewâld
9 april	19.30 oere	Goed Freed, H.J. Nolles
11 april	9.30 oere 13.45 oere	Peaske, H.J. Nolles Iepenbiere beliedenis A. Wolters, Boarnburgum
12 april	9.30 oere	H.J. Nolles, sjongtsjinst
18 april	9.30 oere 13.45 oere	Y. Haarsma, Hurdegaryp Y. Haarsma, Hurdegaryp
25 april	9.30 oere 13.45 oere	A. Klein, Earnewâld H.J. Nolles

### Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117-1228

4 april	10.30 oere	J.H. Hamoen
9 april	19.30 oere	J.H. Hamoen Hillich Nachtmiel
11 april	10.30 oere	Peaske, J.H. Hamoen
12 april	10.30 oere	Mw. Slik, m.m.f. Sjongkoar "Zingt Gode Lof" Garyp
18 april	10.30 oere	J.H. Hamoen
25 april	10.30 oere	J.H. Hamoen

---

### OPLOSSING PUZZEL MAARTNUMMER

1 paard kost f 10,--

87 varkens kosten f 87,--

12 kippen kosten f 3,--

-----  
100 beesten kosten f 100,--

---

ien en oardelheal twa trije en in tredde heal


1 + 1 1/2 + 2 + 3 + 2 1/2 = 10

VOOR OUDEGA e.o.: BAUKE DE VRIES BUORREN 39A OUDEGA TEL 05127-2417

**Drukkerij**

**s.o.d. b.v.**

**v.h. Osinga**



Boekdruk / Offset / Uitgeverij

De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468